

It Aldfryske rjocht



Stel dat der gjin plysje wie, gjin wet en gjin regear
Gjin gesach yn 't hiele lân
Dan koe ik samar dwaan, wat ik fûn dat moast
'k Hie it rjocht yn eigen hân
As immen my bestellen hie, of derfantroch gie mei myn wiif
Dan gie 'k him sels te liif

Om soks foar te kommen waard yn it jier 800
It rjocht foar 't earst beskreaun:
Yn it Lex Frisionum, De Wet fan de Friezen
Sân ieuwen is 't sa bleaun
No wie 't net each om each mear, gjin tosk om tosk en sa
Men woe 't net langer ha

**Al fûnen wy miskien de straffen wol wat swier
En waard de dieders goed it leksum opsein
Yn 't Aldfryske rjocht, soms heftich dat is wier
Foar 't earst stie it op skrift, no wie it fêstlein**

En kaamsto foar 't gerjocht ast wer wat jatten hiest
Of oare dingen diest
Dy 't it deiljocht net ferdrage koenen,
Dan wistest wêrst oan ta wiest
En joechst fansels belies
De straf dy wie no fêstlein, al fûnst it noch sa dwaas
't Wie jammer mar helaas

**Al fûnen wy miskien de straffen wol wat swier
En waard de dieders goed it leksum opsein
Yn 't Aldfryske rjocht, soms heftich dat is wier
Foar 't earst stie it op skrift, no wie it fêstlein**

Want wat no, as der gjin rjocht bestie
Wat no as der gjin regels wienen
Wat no as elts syn gong mar gie
Syn eigen rjochter wie

*-Foar it yn de brân stekken fan in oar syn eigendommen sil de hân fan de
dieder yn gleonhyt wetter treaun wurde*

-Foar 't stellen fan in ko moet de dieder de eigner fyftjin skellingen jaan

**Al fûnen wy miskien de straffen wol wat swier
En waard de dieders goed it leksum opsein
Yn 't Aldfryske rjocht, soms heftich dat is wier
Foar 't earst stie it op skrift, no wie it fêstlein**

